

DOARPSNIJS

Nûmer 460

Maart 2022

Beste bewoners,

Via deze weg willen wij jullie informeren dat de beheerder van Dorpshuis, Douwe Dijkstra, per direct is gestopt.

Helaas is dit een gevolg van onverenigbare verschillen en visie over de uitvoering en organisatie van Dorpshuis Nijemirdum.

Als lokaal vereniging en vrijwilligersteam zullen wij onze schouders eronder zetten om uiteraard alle geplande activiteiten door te laten gaan.

Deze verandering brengt met zich mee dat er nog een sterker beroep zal worden gedaan op de vrijwilligers.

Ben je af en toe beschikbaar voor achter de bar, schoonmaak, klaarzetten van kopjes en schoteltjes en/of andere taken en heb je zin om in een gezellig team van vrijwilligers een steentje bij te dragen? Dan horen we graag van je via info@dorpshuisnijemirdum.nl

De lokaal vereniging zal zich in de tussentijd beraden over in welke vorm Dorpshuis Nijemirdum zal worden voortgezet.

Wij vertrouwen op een prettige voortzetting van Dorpshuis Nijemirdum en zijn ervan overtuigd dat samen met het hele dorp iedereen kan blijven genieten van de sfeer en activiteiten onder het genot van een hapje en drankje.

Met vriendelijke groeten, de lokaal vereniging

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620775676
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278

E-mailadres buertplysje: patrick.bottinga@politie.nl of www.politie.nl

Wykbehearder gemeente: r.zijlstra@defryskemarren.nl of
Tel. [0620548535](tel:0620548535) of
www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 12 maart 2022 is Bauke Schotanus út Balk stoarn. Hy is 94 jier wurden.



NIJE YNWENNERS



Guido Schreur en Reinate Donath op Lyklamawei 59.

ZOA KOLLEKTE

Der hat miskien al in kollektant by jim oan de doar west, fannewike, en hooplik siet der noch wat lytsjild yn de beurs. Want de goede doelen binne wer los! Elke wike stiet der wer in oar foar de doar. Mei in bus yn de hân. Of skoallebern dy' t yn it spier binne foar Oekraïne. It sil ek wol sa bliuwe want oeral is ferlet fan jild. ZOA stiet foar ' Zuidoost-Azië'. Dêr is it begûn yn 1973 mei help oan boatflechtlingen yn Vietnam . ZOA wurket no yn mear as 13 lannen. Yn Oekraïne soarget ZOA foar iten, skjin drinkwetter, tekkens en ûnderdak mar ek yn oare lannen dêr' t minsken net mear feilich binne en flechtsje moatte, sa as yn Colombia, Irak en Ethiopië. Wat moai dat wy de mooglikheid ha om in bydrage te leverjen.

Coby Hospes-Pietersma.

BESTE VRIJWILLIGERS VAN HET DORPSHUIS,

Het is tijd voor een vrijwilligers feestje, na 2 jaar lang last te hebben van corona perikelen, mag er nu weer volop gefeest worden in het dorpshuis!

Wij willen jullie graag uitnodigen om gezellig even bij elkaar te komen. Ook kan er nog afscheid genomen worden van Gea Wijnja.

Wanneer: vrijdag 8 april

Tijdstip: vanaf 20.00 uur

Hopelijk tot 8 april



De lokaalvereniging

HERDENKING OORLOGSMONUMENT SANFEARSTERHOEKE

Al jaren heeft basisschool de Ferbining het oorlogsmonument op de dijk geadopteerd.

En zeker in deze onzekere tijden is het heel belangrijk om ons te realiseren dat vrijheid een groot recht is.

Daarom besteden wij in de groepen 7 en 8 veel aandacht aan WOII en de wereldvrede.

Donderdag 7 april a.s. zal bij de Sanfearsterhoeke de Herdenking weer plaatsvinden.

Om 13.15 uur start de Herdenking onder leiding van groep 7 en 8.

Ouders en andere belangstellenden vanuit het dorp en daarbuiten, zijn van harte welkom om de Herdenking bij te wonen.

Met vriendelijke groet,

Groep 7 en 8 van basisschool De Ferbining, Nijemirdum

Himmeldei

Dit jaar wordt tijdens de Himmeldei de focus gelegd op scholen. Er zal om die reden dit jaar geen Himmeldei georganiseerd worden vanuit het Dorpsbelang.



Toch is er in en rondom het dorp, met name in de bermen, zwerfvuil te vinden. We weten dat er dorpingen onder ons zijn die al hun eigen (fiets)routes schoonhouden van zwerfvuil. Heel hartelijk bedankt hiervoor! Hoe fijn zou het zijn als we ons gezamenlijk verantwoordelijk voelen voor een schoon Nijemirdum en omgeving. Zou u, als u in de gelegenheid bent, het zwerfafval op willen ruimen?

Doarpsbelang Nijemirdum

ROMMELMARKT

Zaterdag 4 juni ("Pinkster zaterdag") organiseert de lokaal-vereniging weer een rommelmarkt.

We gaan vrijdag 3 juni vanaf 13.00 uur langs de huizen om verkoopbare "rommel" op te halen.

We nemen echter **NIET** mee:
witgoed (wasmachines, koelkasten e.d.);
bedden en matrassen; bankstellen;
wandmeubels/dressoirs; zware
fauteuils/stoelen.

In de volgende dorpskrant komt er meer informatie.

De rommelmarkt-commissie

Antje Winia

Wiebren en Jeltsje Hoekstra

UTNOEGING

Foar de minsken fan Nijemardum. Yn it doarpshus krije jim de gelegenheid om in nije snack te priuwen: de krekel-kroket. Op de earste freed yn april is it fergees, mar letter moatte jimme ta de ponge!



ONZE BIJDRAGE VOOR DE OEKRAÏNE

Alle kinderen van KBS De Ferbining zijn in actie gekomen om geld in te zamelen voor het Rode Kruis. Ten behoeve van de slachtoffers en vluchtelingen van de Oekraïne.

De kinderen krijgen van alles mee via de tv, social media en ze volgen de gesprekken tussen volwassenen. Wij op school praten er ook over. Afhankelijk van de leeftijd praten we er meer of juist minder over. Een grote landelijke actie op tv is geweest en heeft al een groot bedrag opgeleverd. Onze kinderen wilden ook wat doen. Sommige kinderen hadden al individueel een actie opgezet en geld ingezameld. In samenwerking met Garant Zaden is de school deze actie begonnen. Elk kind heeft tien zakjes zaden gekregen om te verkopen voor 1 euro per stuk.

De zonnebloemzaden zitten verpakt in een geel, blauw zakje. Dat past precies bij de Oekraïense vlag.

De leerlingenraad van de school heeft een mooie, grote, collectebus gemaakt en heeft de kinderen in de school op de hoogte gebracht van de actie. Vol enthousiasme zijn de kinderen begonnen aan de inzamelingsactie.

Aan het einde van onze leerzame studiedag is het geld geteld dat onze leerlingen hebben opgehaald voor het Rode Kruis t.b.v. Oekraïne. Juf Hester gooide het muntgeld in een speciale muntautomaat en schrok van het bedrag . 560,58 ,- euro aan losgeld . Toen werden de biljetten geteld 780 ,- euro !!!!!!! Totaal gestort voor het goede doel : 1340,58,- euro ! Een paar kinderen leveren hun bijdrage nog in. Dat storten wij er natuurlijk bij . Geweldig. Hartelijk dank kinderen, ouders, gulle gevers. Dank voor de prachtige initiatieven. Wij zijn super trots op onze leerlingen en de initiatieven van onze ouders.

KBS De Ferbining

WER IS DIT?

Yn de provinsje Drinte hat men it fakânsjepark “het land van Bartje”, neat bysûnders hear! Ek yn Nijemardum ha wy in “land fan Bartje.”

Om krekt te wêzen it land fan Bart Baas op de Lyklamawei 63 .

En al hâldt Bart it by in beskieden nammebuordsje, it is foar in soad minsken net te missen.

Sa ek Jorrit Beukens, goed sjoen Jorrit!



Wêr mei dit no wer wêze?

Belje gau nei nr. 571889

Of stjoer in mail nei:
redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

Zaterdag 16 April 2022 * 20:30 uur

The Blues Busters

Hot Steamin'
Chicago Blues

Entree 10 euro

Dorpshuis Nijemirdum
Lyklamawef 5
8566JH Nijemirdum

Tel.: 0514 571428

info@dorpshuisnijemirdum.nl

IT HIMD FAN IT GAT

Ferline hjerst krigen Dirk Jan en ik besite fan Paul Rienstra en Itty Keulen.

Sy kamen te kofjedrinken en namen in prachtich blomstik fan ús tsjerke mei. It waard in hiel gesellige besite, dy't wy tige op priis stelden. No't wy nei de koroana wer frij by elkoar oer de flier komme meie, beslút ik ien fan harren út te noegjen foar in petear yn ús Doarpsnijs. Paul sil krekt op 'e fyts fuort as ik by harren it hiem opfyts en Itty stiet by de auto. Ik bin dus krekt op 'e tiid.



“Ha Paul, soe ik dy ynterviewe meie foar ús Doarpsnijs?” begjin ik. “No, om earlik te wêzen sit ik dêr net om te springen, mar miskien wol Itty wol?”.

“Dat is ek wat Paul, ik ha heard dasto in belangrike funksje krigen hast yn ús doarp. Dêr kinne wy miskien ek efkes oer prate” tink ik.

“Itty!... , Annie wol dy wat freegje”. Paul moat earst efkes neitinke..

“Dat ha ik wol heard Paul, mar ik ha ommers neat bysûnders te fertellen” hear ik achter de kofferbak wei. Och, och, soks hear ik fansels wol faker, mar neidat wy in skoftke mei elkoar praten ha, wurd ik útnoege om in jûn by harren te kommen. Dat wurdt fêst gesellich!

Itty, wêr bisto berne?

Yn Aldemardum op 16 septimber 1959.

Wat foar oplieding hasto dien.

Nei de basisskoalle gyng ik nei de Mavo yn Balk. Dêrnei ha ik 1 jier nei de “Vormingsklas” yn Boalsert west. Dat wie in hiel brede oplieding mei praktyske en teoretyske fakken. Oanslutend ha ik noch in fak-oplieding kostúmnaaien folge yn Snits. De staażjes yn it sikehûs fûn ik prachtich. Nei 2 jier bin ik ôfswaaid as kostumjère, mei it middenstânsdiploma.

Dus do koest doe sels in saak begjinne.

Ja, mar dan moat men earst wol wat jild ha en dat moast ik wol sels fertsjinje. En ik hie noch gjin wurk. By sosjale saken yn it Gemeentehûs fan Balk frege ik om de

mooglikheden foar in útkearing. De hear Dukel dy't dêr doe baas wie, wist in administrative baan foar my te regeljen.

Dat wie hiel wat oars as yn de moade of de soarch.

Wis en seker, ik hie dat sels ek noait tocht mar ik ha dêr 5 jier mei in soad plesier wurke. Oant ús Anita berne waard.

Doe wie it út.

Yn 'e tachtiger jierren wurken froulju meastal net troch as der bern kamen. Ik seach der doe ek frjemd tsinoan as dy soarch oerlitten waard oan "frjemden" en as ik earlik bin ha ik der noch wol muoite mei. Benammen de drokte dy't heiten en memmen betiden ha mei de organisaasje fan it hiele húshâlden jout in soad stress en dat liket my net geunstich foar elkenien.

Wêr hasto Paul moete?

Op 'e Brink yn Aldemardum. Dat wie doe noch in bar "de Brink". Wy krigen ferkearing en doe't der yn 1980 huzen foar de Toer oer boud waarden, binne wy troud. Wy kamen te wenjen op Lyklamawei nûmer 39 en ha twa bern krigen: earst Anita en letter kaam ús Erwin.

Sy binne hjir opgroeid en ha hjir ek op skoalle sitten. Us Anita folge letter in kappersopleiding en dêrnei noch Sosjaal Pedagogysk Wurk. Doe kriich sy it idee om in skoftke as "au pair" nei it bûtenlân ta te gean. It waard Yslân.. no ja, ik tocht dat healjier is samar om en dan komt se wer thús. Se kaam ek wol wer thús, mar net sa lang.

Anita wie jong en fûn in oare bestimming?

Sy hie dêr wurk en ûnderdak fûn by in húshâlding, dy't tige hertlik foar har wienen en dat foldie ha skoan en wêrom soe sy dan wer nei Fryslân ta moatte?

En doe?

As har âlden woenen wy har frij litte om te dwaan wat har goed talike, mar wy rôpen net "jûchei"! Letter is sy ferhuze nei Bristol yn Ingelân en dêr wennet sy no noch.

Jimme soan Erwin bleau ek net yn it heitelân.

Op in kear sei hy "Mem, wat soe mem derfan fine as Minke en ik nei Eastenryk ferhúzje?". Ik moast wol efkes hiel djip sykhelje... Ik wist dat sy tige genoaten fan harren sky-fakânsjes, mar dêrhinne te wenjen?

It gyng wol oan?

Jawis, sy ha in apparteminte-kompleks kocht, dat wol opknapt wurde moast.

It docht my tinken oan in tv-programma mei entûsjaste minsken dy't delstrike yn in fakânsjelân... en dan by de ferbouwing nochal wat tsjinkomme.

Wy ha dêr ek hiel wat tiid mei dwaande west en it is prachtich wurden. Sy binne der tige wiis mei en fiele harren dêr goed. Boppedat binne sy yn oktober 2020 heit en mem wurden fan Elena.

No, ik sjoch it al foar my: Beppe Itty hat de naaimasine opsocht om in skattich jurkje te naaien en Pake Paul sit yn 'e lederhosen achter in pot bier dútsk te praten mei syn pronkje!!

Hasto doe't de bern grutter waarden dyn wurk ek wer oppakt?

Ik kriich letter wol tiid om wer wat oan te pakken, mar dat wie net op it Gemeentehûs. It kompjûtertiidperk wie oanbrutsen en dêrmei feroare der in hiel soad yn dat wurk; ik naam wat "wurkhuzen" oan.

Hasto ek hobby's?

Ik mei graach hantwurkje; hake en breidzje. Ik bin lid fan ús breidclub "in stekje los". Troch de koroana is dat wat út it sicht rekke, mar miskien wurdt soks wol wer opstarten.

Fierders ha ik ek in soad nocht oan

blomskikken en túnkjen. Lekkere dingen bakke, mar ek fervje of behangplakke. No't wy mear tiid ha rinne en fytse wy ek in soad. Yn donkere dagen komt der in lispuzel op 'e tafel en ik meitsje ek graach sudoku's of kryptogrammen.



Op 'e tafel stiet no in moai skilderstikje te pronkjen.. ek sels makke?

Ek sels makke, mar dat is net sels tekene hear...

(Itty wol net te heech opjaan fan har eigen "keunstwurk", mar ik fyn it knap!)

Sjogge jimme in soad nei de t.v.?

Ik sjoch graach nei detektives: Silent Witness, Vera, Frost, Morse, mar ek wol nei Reizen Waes en Boer Zoekt Vrouw.

Komsto noch oan lêzen ta?

Neist de kranten, dy't hjir alle dagen besoarge wurde, lêsk ek ek graach detektives. Tess Gerritsen skriuwt prachtige thrillers..

Hokke muzyk hâldsto fan?

De band Coldplay, de Beatles, Boudewijn de Groot, Neil Diamond, mar ek fan Pink, Avicii, Racoon en Kensington.



Hasto funksjes yn it doarpslibben?

Earder holp ik wol yn 'e kantine fan NOK. No set ik my gauris yn foar de tsjerke. Ik sit yn de Bazarkommisje, regelje de munten foar de kollekte en mei Paul bring ik de tsjerkeblommen teplak. Ik bin frijwilliger by de Voedselbank yn Balk en ik sit ek noch yn it bestjoer fan de toanielclub. Spitigernôch ha wy lange tiid gjin gelegenheid hân om in stik op te fieren.

Wat fynst fan it Doarpsnijs?

Ik lês it en besykje faak om Jantsje har riedsel op te lossen. It krantsje jout goede ynformaasje.

Geane jimme mei fakânsje?

Ja, alle jierren en gauris nei Dútslân. Omdat ús

beide bern no yn it bûtenlân wenje wurdt it faak in famyljebesite.

Wêr kinst net bûten?

Myn telefoan. Dy is fan it grutste belang foar it kontakt mei ús bern.

Hat koroana dyn libben feroare?

Nee, wy ha der gjin nare gefolgen fan ûnderfûn. De faksinaasjes krigen, dy't ús oanbean binne. Ik hie wol soargen om de bern en om ús mem, dy't al op hege leeftyd is.

Hasto winsken?

Ik hoopje dat wy sûn bliuwe meie.

Wolsto noch wat oan Nijemardum kwyt?

No't wy alle dagen sjogge hoe kwetsber 't in minskelibben is, sjoch ik it noch dúdliker: wat wenje wy hjir prachtich. Ik bin dêr tige tankber foar.

Ik ha in hiele jûn gesellich en drok mei Itty sitten te praten, mar ek mei Paul. Syn ferhaal kinne jimme oare moanne lêze.

Annie.

PJUTTE-OPFANG 'T OPSTAPKE YN NIJEMARDUM BEHELLET OP 'E NIJ CERTIFIKAAT FOAR TWATALICH WURKJEN



Pjutte-opfang 't Opstapke yn Nijemardum wurket al jierren mei in belied dat der op rjochte is de twatalige ûntwikkeling fan jonge bern te stimulearjen. Yn it ferline hawwe sy dêr in sertifikaat foar behelle. Elke trije jier wurdt op 'e nij besjoen oft der noch altyd neffens de rjochtlinen fan it twatalich belied wurke wurdt. By 't Opstapke wie dat wer sa en sy hawwe it sertifikaat 'Boartsjendewei in taal derby' op 'e nij foar trije jier fertsjinne.

't Opstapke en twatalichheid

Pjutte-opfang 't Opstapke is ûnderdiel fan de organisaasje SKIK Kinderopvang. Dy organisaasje fersoarget ûnder oaren berne- en pjutte-opfang yn De Fryske Marren. Op 17 pjuttelokaasjes en 4 bernedeiferbliuwen wurdt wurke mei in twatalich belied.

De lokaasje yn Nijemardum is sûnt de simmer fan 2021 fusearre mei de pjutteopfang fan Sondel. Underwilens komme der 16 bern nei 't Opstapke.

Nadine Pietersma en Anita Nieuwenhuijsen sette harren yn om it twatalich belied goed del te setten yn Nijemardum. Nadine biedt it Frysk oan en Anita it Nederlânsk. Troch de beide talen dúdlik fan elkoar te skieden, leare de bern de talen goed út elkoar te hâlden en kinne sy op lettere leeftyd bygelyks makliker in tredde en eventueel I meardere talen leare. Foar beide talen is omtinken yn it aktiviteite-oanbod, lykas by it sjongen en it foarlêzen.

Der hat in saneamde fisitaasjekommisje by 't Opstapke west te sjen. Der wurdt sjoen nei it taalbelied, de taalomjouwing, it pedagogysk taalklimaat en it folgjen fan de twatalige ûntwikkeling. De komisje skriuwt yn har rapport ûnder oaren: *'De pm'ers prate in soad mei de bern, de bern boartsje moai mei elkoar yn de romte. Se sjonge lietsjes. Dêrfoar is der in kofferke mei bistkes en oare dingen. In pjut hellet der in bistke út en dat ferske sjonge se. Dêrnei komme ek ferskes oer*

iten oan bar yn beide talen. Myn kompliminten foar hoe 't de pm'ers dwaande binne. De bern ha in feilich en útnûgjend plakje en krije in soad oanbean. Sels waarme pankoeken by it tema 'lekker ite'.

Der wurdt in soad mei de bern praat en kompliminten útdield. Lytse probleemkes wurde goed en begryplik foar de bern oplost.'

By it sertifisearringstrajekt krijt 't Opstapke begelieding fan it SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern. By it SFBO binne rom 280 bernedeiferbliuwen en pjutte-opfanglokaasjes oansletten en dat oantal groeit noch altyd.

Kontaktgegevens:

't Opstapke
Lyklemawei 25,
8566 JH Nijemardum

Foar mear ynformaasje kinne jo terjochte by:

Sjoeke Kampen, SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern: s.kampen@sfbo.nl

BESTE MENSEN

De opbrengst voor het Cystic Fibrosis Fonds was € 3000 voor het jaar 2021. Dit bedrag is mogelijk gemaakt door de opbrengst van postzegels en kaarten en giften Hartelijk bedankt voor uw bijdrage.

NEDERLANDSE
CYSTIC FIBROSIS
STICHTING


Een vriendelijke groet Teun en Akke Stoker

NIEUWS UIT STEMBUREAU 39.

Woensdag 16 maart was het weer zover, er mocht gestemd worden. Ditmaal voor de gemeenteraad De Fryske Marren.

De opkomst was met 65.3 procent (is 295 van de 426 stemmers) maar 1 procent onder de gemeenteraad verkiezing van 2018. Bij de telling bleken er 2 blanco gestemd te hebben en was er 1 ongeldig. De geldige stemmen werden als volgt verdeeld:

CDA	77
FNP	76
VVD	15
CU	20
D 66	5
PvdA	11
FvD	10
NCPN	2
Groen Links	16
Burgerpartij	11
Kleurrijk FM	49



stemmers kwamen

redelijk over de dag verspreid zodat wij het zonder zweet in de handen aan konden.

De stemming onder de stembureauleden was prima, ook dankzij de koek en zopie in het dorps huis.

Wij u graag terug in 2023 bij de provinciale en waterschap verkiezingen.

Groeten,

Leden stembureau 39.

echte mannen
ite gjin
huning,
dy
kauje
op
bijen



DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Runia Fourage BV	Veevoerders
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr
Koen Maronier	Jachtwerf Maronier in Lemmer
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

DUOFYTS RESERVEARJE:

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123



INZAMELINGSPUNTEN:

Wat:

Plastic doppen van flessen,
en bussen

Waar:

Fam. Strampel,
Heaburgen 1

t.b.v.:

KNGF tubes, potten
blindegeleide-honden.

Inkt-cartridges, toners en
mobieltjes

Fam. Hoekstra,
Hoitebuorren 18a

Stichting oude
Kinderhulp Oeganda

Metalen/blikjes/doppen /
deksels/ spuitbussen


Fam. Rienstra,
Omrin 14

STOPhersentumoren.nl

Postzegels en kaarten

Fam. Stoker,
Hoitebuorren 6A

Stichting Cystic Fibrosis



AGINDA

- | | |
|----------|-------------------------------------------|
| 7 april | Herdenking oorlogsmonument Sanfeartshoeke |
| 8 april | Vrijwilligersavond dorps huis |
| 16 april | Blues Busters |
| 21 april | Kledingactie Volleybal NOK |
| 29 april | Snackavond dorps huis |
| 4 juni | Rommelmarkt |

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 28 april

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 20 april

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com